

Provinsjale Steaten fan de Provinsje Fryslân  
FNP, o.f. de hear S. Posthumus  
Postbus 20120  
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 28 maart 2017  
Ferstjoerd,

**29 MAART 2017**

Ús merkteken : 01406556  
Ôfd/Opjefte : Finânsjes, Planning en Control  
Opsteld troch : J. Schippers / (058) 292 56 36 of j.schippers@fryslan.fr  
Jo merkteken :  
Taheakke(n) : 1

Ûnderwerp : Beäntwurding skriftlike fragen oer Hege tariven Liander foar klanten

Achte hear Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 2 maart 2017, beäntwurdzje wy as folgt.

Taljochting:

Nei oanlieding fan in brief oan de Steaten fan Fryslân fan Van der Wal, enerzjykoördinator fan in sportklub yn Ljouwert en de dêropfolgjende publisiteit fia Omrop Fryslân hat de fraksje fan de FNP de neikommende fragen:

*Fraach 1:*

*Hawwe jo kundskip nommen fan it brief (e-mail) fan 23 febrewaris lêstlyn oan de Steaten en de amtlike tsjinst en it item op Omrop Fryslân fan 2 maart 2017 dêroer? Sa ja, wat is jo reaksje dêrop?*

Antwurd fraach 1:

Ja, wy hawwe kennis nommen fan it brief fan de hear Van der Wal en fan it item op Omrop Fryslân. Wy begripe de kommoasje oer de hegere tariven en sille it brief beäntwurdzje.

*Fraach 2:*

*By de beslútfoarming yn 2015 troch de Steaten fan Fryslân hawwe DS ûnder skaaimerke 01220255 oanjûn dat troch de útruil fan de wurkgebieten fan Enexis en Liander der in netto effisjinsylach te ferwachtsjen wie. De tariven soenen neffens ferwachtings fan de ACM mei 4% nei ûnderen ta gean. Kin it Kolleezje oanjaan hokker effisjinsyfoardielen oant no ta behelle binne troch Liander en kinne jo dêr ynsjoch yn jaan? Graach in neiere taljochting.*

Antwurd fraach 2:

Yn it oanbelangjende brief stiet:

*“De Autoriteit Consument en Markt zal naar verwachting bepalen dat de tarieven voor de klanten in het Liander gebied (consumenten) in 2016 met circa 4% zullen dalen. De ruil heeft tot gevolg dat Liander klanten naast de tariefdaling een extra voordeel hebben omdat de precariobelasting over meer klanten — namelijk die van Liander en Enexis Fryslân-Noordoostpolder (FNOP)— gespreid worden. Voor de Enexis FNOP klanten (consumenten) zullen de tarieven ongeveer gelijk blijven ten opzichte van 2015, omdat de beoogde tariefdaling teniet wordt gedaan door de voor hen nieuwe precariobelasting. De consument in Enexis FNOP gebied zal niet meer betalen dan dat hij/zij nu doet. Daar komt bij dat in volgende tariefperioden de beoogde kostenbesparingen van de ruil worden doorgegeven aan alle klanten”*

Yn dat dokumint is de konsumint definiearre as ‘standert’. It grutste part fan ‘e partikuliere brûkers yn it totale Liander gebiet is dat (hast 3 miljoen). Dat binne lytsferbrûkers mei in enerzjoansluting oant en mei 3 x 25 ampère en mei in gasferbrûk fan 500 oant en mei 4000 m<sup>3</sup> jiers. De ynskatting foar dy klanten yn juny 2015 wie, dat de tariven foar Elektrisiteit en Gas yn 2016 mei 4% foar oanslút- en transporttsjinsten sakje soene útgeande fan ‘e tariven fan Liander yn 2015. De ACM hat ein 2015 besletten dat de tariven mar mei goed 2% sakje soene.

Yn ‘e jierlikse taryfmutaasjes fan netbehearders leit altiten in algemiene produktiviteitsferbettering besletten. De behelle synergyfoardielen yn ‘e sektor binne dêr ûnderdiel fan. Úteinlik wurde de tariven fan alle netbehearders jierliks troch de ACM fêststeld.

*Fraach 3:*

- a. Kin it Kolleezje oanjaan hoe’t it kin dat Liander, dêr’t de provinsje Fryslân fia Alliander oandielhâlder fan is, kenlik yn 2017 hast 21% djoerder wurden is as Enexis foar húshâldens en saaklike lytsferbrûkers mei in oansluting fan 3 x 80 A?*
- b. Yn it item fan Omrop Fryslân wurdt troch Liander as argumint brûkt dat it troch gemeentlike belestings op kabels en liedingen komt. Hoefolle prosint fan de kostestiging is dêrtroch feroarsake?*
- c. Is der ek sprake fan it ‘oppotten’ fan jild yn de reserves fan Liander?*

Antwurd fraach 3a:

Foar de beäntwurdiging fan dy fraach hawwe wy Liander rieplachte. Hjirûnder folget in útlis hoe’t de tariven en it systeem opboud binne:

- Yn 2017 is in nije regulearringsperioade útein set, dy’t fan 2017 oant en mei 2021 rint. De regulearring wurdt troch de ACM fêststeld. By it begjin fan in regulearringsperioade wurde ek de taryfnivo’s op ‘en nij fêststeld, op basis fan ‘e kosteúntwikkelings yn ‘e jierren dy’t dêroan foarôf giene.
- Yn ‘e regulearringsmetoade is regele dat alle netbehearders deselde ynkkomsten de ienheid output [lês: totaal trochsneed taryfnivo foar alle klanten] yn rekken bringe meie. Lykwols binne dêr de net te beynfloedzjen omstannichheden fan útsûndere.
- De tasiene ynkkomsten foar Liander en Enexis begjinne dêrom by in gelyk taryfnivo. Dat bedrach is foar Liander € 948 miljoen en foar Enexis € 872 miljoen. Dêrby is gjin rekken hâlden mei de net te beynfloedzjen omstannichheden, lykas it desintrale opwekjen fan elektrisiteit.

- Omdat it desintrale opwekjen wol netkosten feroarsaket, mar der troch dy klanten net foar betelle hoecht te wurden, wurdt dat foar alle netbehandler korrijearre fia it tasiene taryfnivo.
- Foar Liander, mei mear (desintrale) produsinten dan lanlik trochsneed, wurdt it taryfnivo nei boppen oanpast en foar Enexis, mei minder produsinten as lanlik trochsneed, wurdt it taryfnivo nei ûnderen oanpast. Dêrtroch giet it ynkomstenivo Liander omheech nei € 953 miljoen en sakket it foar Enexis nei € 863 miljoen. Dêrtroch ûntstiet in earste ferskil fan 1,6% mei de tariven fan Enexis.
- Yn 'e tariven 2017 wurde fierder de neikalkulaasjes oer foargeande jierren ferwurke. It giet dan om neikalkulaasjes oer de perioade 2011 oant en mei 2016, fanwegen in wiziging yn de regulearringsmetoade en fanwegen in neikalkulaasje fan 'e ynkeapkosten TenneT oer 2015. Dy kosten binne foar Liander net te beynfloedzjen. Dêrtroch sakket it ynkomstenivo fan Liander nei € 935 miljoen en by Enexis nei € 819 miljoen. It taryfferskil mei Enexis yn 2017 giet dêrtroch fierder omheech nei 5%.
- Dêr boppe-op wurde de prekarioheffings ferrekkene. Dy kosten binne foar de netbehandler ek net te beynfloedzjen en wurde fia de tariven fan 'e belutsen netbehandler ferrekkene oan alle klanten yn it fersoargingsgebiet. ACM skriuwt foar dat der foar 2017 yn earste ynstânsje € 60 miljoen as foarkalkulaasje trochrekkene wurde mei. Dat bedrach is op 'e prekariolêsten fan 'e foargeande jierren basearre. Dêr boppe-op komt de neikalkulaasje fan 2015 foar te leech trochberekkene prekario út 2015. Dat is in bedrach fan € 61 miljoen, wêrtroch't it ynkomstenivo fan Liander mei € 121 miljoen omheech giet. Lykwols Enexis hie as totale foar- en neikalkulaasjes mar € 1 miljoen. It taryfferskil yn 2017 giet dêrtroch omheech nei 18,5%.

Gearfetsjend:

	Enexis	Liander	verschil
Startpunt tariefniveau	100,00	100,00	0,0%
Effect producenten	98,93	100,51	1,6%
Effect nacalculaties	93,88	98,64	5,1%
Effect prekario	94,03	111,42	18,5%

- By boppesteande bedraggen giet it om it trochsneed taryfnivo. Op yndividuele komponinten sille de ferskillen dêr fan ôfwike kinne. Sa wurdt bygelyks de kompensasje foar de prekariolêsten allinne yn 'e transporttariven trochberekkene en net yn 'e oanslúttariven (foar ien kear/periodyk). Dêrneist is it sa dat prekariolêsten alle netten fan Liander oanbelangje, foar de middenspanningsnetten likegoed as foar de leech-spanningsnetten. Dêr wurdt yn 'e tariven ek rekken mei hâlden, dat sadwaande kinne de effekten de klantekategory wat ôfwike fan it totale gemiddelde (sa leit it effekt by de belutsen klant mei sawat 20% noch krekt wat boppe it gemiddelde fan 18,5%).
- By boppesteande analyze giet it om elektrisiteit. By gas binne de absolute bedraggen lytser (omset likernôch 1/3 útgeande fan elektrisiteit en is der sprake fan lytse neikalkulaasjes). Dêr wurde ferskillen yn taryfnivo's fierhinne folslein troch de kompensasje foar prekariolêsten ferklearre. By Enexis bedraacht de foarkalkulaasje yn 2017 sawat € 24 miljoen en de neikalkulaasje oer 2015 € 14 miljoen. Dat liedt ta in taryfferskil fan 9,3%. Sûnder prekario soe it taryfnivo fan Liander yn 2017 in fraksje leger wêze.

Yn tabelfoarm:

	Enexis	Liander	verschil
Startpunt tariefniveau	100,00	100,00	0,0%
Effect nacalculaties	99,16	97,94	-1,2%
Effect precario	99,83	109,15	9,3%

Opmerkings:

- By boppesteande taryffergelyking giet it om 'e transport- en oanslúttariven. De tariven foar de mjittsjinst falle dêr bûten. Foar lytsferbrûk is de mjittsjinst apart regulearre en foar grutferbrûk is de mjittsjinst frije merk.
- Yn 2017 bringt Enexis foar de mjittsjinst by in standert lytsferbrûker elektrisiteit en gas likernôch € 48 yn rekken, wylst Liander likernôch € 33 de klant yn rekken bringt. Dêrmei wurdt in part fan it neidiel as gefolch fan de precario by dy klanten ûngedien makke.

Antwurd fraach 3b:

Liander moast foar har fersoargingsgebiet yn 2015 € 110 miljoen euro oan precario betelje. Yn 2016 is dat nei € 149 miljoen omheech gien. Dat soarget derfoar dat de tariven foar alle klanten omheech geane. Yn 'e beäntwurding fan fraach 3.a. kinne jo lêze foar hoefolle prosint de prekariobelasting yn de tariven trochwurket. Nei 13 jier komt der einliks in oplossing foar dat probleem. Begjin 2017 is it wetsútstel 'Wijziging van de gemeentewet, de Provinciewet en de Waterschapswet in verband met het beperken van de heffingsbevoegdheid van precariobelasting voor enige openbare werken van algemeen nut' amendearre troch de Twadde Keamer oannommen. It wetsútstel jout oan dat oerheden dy't op 10 febrewaris 2016 in taryf hiene, dêrmei trochgean meie oant de ein fan de oergongspanoade dy't fiif jier duorret. Op 21 maart II. is it wetsútstel precario yn 'e Earste Keamer as hammerstik oannommen.

Antwurd fraach 3c:

Netbehearders sille yn 'e kommende jierren oanmerklik yn 'e enerzjynetten ynvestearje moatte, ek om de enerzjytransysje mooglik te meitsjen. Yn in rapport fan Netbeheer Nederland (Net van de toekomst, út 2011) wurdt besifere dat dy ynvestearings fan sa'n € 20 miljard (as wy tûke oplossings brûke) oant € 70 miljard (as wy allinne it net ferswierje om oan de frege maksimale kapasiteit te foldwaan) útinoar rinne. Om dy ynvestearings dwaan te kinnen, is in finansjeel solide netbehearder fanneden, want dy ynvestearings moatte finansiere wurde. Liander kin it allinne finansierje (mei frjemd fermogen) as se genôch eigen fermogen hawwe. Allinne dan foldogge se oan wetlike easken (dêr't de ACM wer op tasjocht) om solide genôch te bliuwen.

*Fraach 4:*

*Is it Kolleezje fan DS ek fan doel om as oandielhâlder de netwurkbehearder Liander by de earstkommende oandielhâldersgearkomste oan te sprekken op syn maatskiplike ferantwurdlikheid oangeande it te fieren priisbelied yn relaasje mei kollega-netbehearders*

Antwurd fraach 4:

By de beäntwurding fan fraach 3a is útlein hoe't de tariven ta stân komme en dat dy troch de ACM fêststeld wurde.

By it Grutoandielhâldersoerlis fan 9 maart II. hawwe wy de fraach steld oft Liander (in part fan) de trochberekening fan prekariolêsten benefertlitte kinne soe, dat it taryfferskil mei Enexis ferlytse wurde kinne soe. Dêrta hat Alliander trije mooglikheden en de helberens dêrfan ûndersocht. Yn de taheakke fine jo dy analyze. De konklúzje is dat yn it hjoeddeistige wetlike ramt gjin romte is om de trochberekening fan prekariolêsten (foar in part) benefert te litten.


Gearfetsjend:

It taryfferskil wurdt foar it grutste part feroarsake troch de prekariobelesting, dy't gemeenten yn it fersoargingsgebiet oan Liander oplizze. Liander likegoed as de oandielhâlders hawwe dêr gjin ynfloed op. Likemin koe foarsjoen wurde dat der yn 2015 en 2016 aardich mear gemeenten prekariobelesting heffe soene. Troch de foarse stiging fan 'e prekariobelesting binne de tariven fan Liander yn de nije regulearringsperioade 2017-2021 útgeande fan de tariven fan Enexis behoarlik omheech gien. As oandielhâlder fine wy de prekariobelesting dy't in grut tal gemeenten oan Liander oplizze ûnrjochtfearnich. Omdat Liander wetlik ferplichte is om ien taryf yn har folsleine fersoargingsgebiet te hantearjen, betelje ynwenners fan gemeenten dy't gjin prekario heffe mei oan de foarsjennings yn gemeenten dy't wol prekario heffe. As oandielhâlders hawwe wy yn oparbeidzjen mei Alliander dy problematyk faker as ienkear op it aljemint brocht by de lanlike polityk. Dat hat koartlyn laat ta it ôfskaffen fan 'e prekariobelesting op 'e netwurken, mei in oergongstermyn fan 5 jier.

Wy betrouwe derop dat wy jo sa foldwaande ynformearre hawwe.

Mei heechachting,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.J. van den Berg, sekretaris

foar dizze drs. A.L. Piet, loko-sekretaris



## **Analyse mogelijkheden om precariolasten (deels) niet door te berekenen n.a.v. een vraag van de provincie Friesland tijdens het Grootaandeelhoudersoverleg van Alliander d.d. 9 maart 2017**

De tarieven voor aansluiting en transport van elektriciteit en gas geven dekking aan de efficiënte kosten van de netbeheerders. Beide tarieven worden vastgesteld door de Autoriteit Consument en Markt (ACM). De tariefniveaus zijn in beginsel voor alle regionale netbeheerders gelijk. Echter, een aantal netbeheerders heeft te maken met precario heffende gemeenten. Om die reden behandelt ACM de precariolasten als zogenaamde 'objectiveerbare regionale verschillen (ORV)', wat betekent dat de desbetreffende netbeheerders hiervoor een aanvulling krijgen boven het 'standaard' toegestane inkomstenniveau. Deze aanvulling is exact gelijk aan de werkelijk gemaakte precariolasten.

Het verschil tussen de gereguleerde netwerktarieven van Liander en andere netbeheerders, laat zich hoofdzakelijk verklaren door de hoeveelheid gemeenten die precariobelasting heffen en de doorberekening van deze lasten. De vraag die daarom naar boven komt is of Liander (een deel van) de doorberekening van precariolasten achterwege kan laten. Er zijn 3 mogelijkheden die hieronder nader worden toegelicht.

### **Mogelijkheid 1: Liander vangt de precariolasten op in haar bedrijfsvoering**

Het door ACM vastgestelde tariefniveau geeft, zoals hierboven aangegeven, 'slechts' dekking aan de doelmatige kosten die noodzakelijk zijn voor de uitbreiding en instandhouding van een veilig en betrouwbaar netwerk. Het (deels) opvangen van de precariolasten in de bedrijfsvoering zou betekenen dat de bedrijfslasten niet meer in lijn zijn met het door ACM vastgestelde doelmatige kostenniveau. Dat kan ten koste gaan van de betrouwbaarheid en veiligheid van het netwerk, het kunnen doen van de noodzakelijke investeringen voor de energietransitie en het kunnen voldoen aan de wettelijke ratio's in het Besluit Financieel Beheer Netbeheerder (BFBN). Dit is vanuit het publieke belang ongewenst en staat haaks op de taakstelling die netbeheerders vanuit de wetgever hebben gekregen.

### **Mogelijkheid 2: Liander vangt de precariolasten op door inhouding op het dividend voor de aandeelhouders.**

Aandeelhouders van netbeheerders ontvangen een jaarlijkse dividenduitkering, afhankelijk van de behaalde financiële resultaten. De aandeelhouders kunnen besluiten om af te zien van de dividenduitkering, zodat het bedrag gebruikt kan worden voor tariefsverlaging. Echter indien een netbeheerder tarieven beneden het door ACM vastgestelde tariefniveau zou vaststellen, is het effect naar de toekomst tweeledig. Ten eerste zien rating agencies dit als een additioneel financieringsrisico en verwerken zij dit negatief in de rating van Alliander. Dit betekent dat het aantrekken van vreemd vermogen duurder wordt. Hierdoor zullen de financieringskosten van de vennootschap stijgen. Ten tweede zou Alliander hiermee het signaal afgeven dat het door ACM vastgestelde toegestane rendement (WACC) voor eigen vermogensverschaffers kennelijk te ruim is bepaald en neerwaarts aangepast kan worden. In beide gevallen zal de weg terug niet mogelijk dan wel zeer lastig zijn.

### **Mogelijkheid 3: Liander verlaagt de tarieven in een deel van haar verzorgingsgebied, bijvoorbeeld in het voormalig FNOP-gebied**

In de wetgeving is opgenomen dat de tarieven per netbeheerder worden vastgesteld en dat de tarieven slechts kunnen verschillen per netvlak. Gelijke omstandigheden impliceren gelijke tarieven. Tariefverschillen binnen één netbeheerder op andere gronden (bijvoorbeeld afstand of geografische ligging) zijn niet mogelijk. De netbeheerder mag niet discriminatoir handelen. Indien Liander de tarieven in bijvoorbeeld het voormalige FNOP-gebied zou verlagen, dan zou dit ook moeten gelden voor het hele verzorgingsgebied. Regionaal tariefbeleid is niet mogelijk, tenzij de wet hierop wordt aangepast.

### **Conclusie**

Binnen het huidige wettelijk kader is er geen ruimte om de doorberekening van precariolasten (deels) achterwege te laten. Het effect daarvan is disproportioneel met het te bereiken doel om het tariefverschil met andere netbeheerders te verkleinen. De Tweede - en Eerste Kamer hebben onlangs het besluit genomen om precariobelasting op nuts-infrastructuur af te schaffen met een overgangperiode van 5 jaar. Dat betekent dat vanaf 1 januari 2022 gemeenten geen precariobelasting meer mogen heffen op openbare werken van algemeen nut.